



Foarich skoaljier binne doarpsbewenners, direksje fan de Stjelp yn Baard en de Krunenstrobbe yn Jorwert en de MR-en mei elkoar yn petear gien om nei te tinken oer in fernijend ûnderwiiskonsept foar de regio. Dit nei oanlieding fan it ôfnimmend oantal bern op de beide skoallen yn dizze krimpregio. Nei in beskôge proses is besletten om per 1 augustus 2021 in Regioskoalle yn Baard te iepenjen troch in fúzje tusken de Krunenstrobbe en de Stjelp.

Nei de simmerfakânsje binne wy út ein set mei gearkomsten foar de learkrêften en âlders en aktiviteiten foar de learlingen. Yn septimber is ek de projektgroep 'ûntwikkeling Regioskoalle' begûn. Learkrêften, âlders en direksje fan beide skoallen nimme diel oan dizze projektgroep. Anita Pasma, Jaap van der Tuuk, Sandra Heslinga en Marije de Jong nimme diel út namme fan de Krunenstrobbe. Klaas Bouma, Anke Roorda, Sjoukje de Jong en Jetske Hettinga sitte yn de projektgroep út namme fan de Stjelp. De projektgroep hat as taak om alle konsekwinsjes fan de fúzje yn kaart te bringen en te ferwurkjen yn in rapportaasje. Derbij kinne jo tinke oan it ûnderwiis oan de bern, mar ek personele konsekwinsjes en húsfersting. Foar it útwurkjen fan it konsept, ferfier en opfang binne wurkgroepen foarme.

De wurkgroep konsept sil ynfolling jaan oan it unike en ûnderskiedende konsept fan de Regioskoalle. Op 23 septimber hat in âlderjûn oer dit ûnderwerp yn Baard plak fûn. Alden binne útnoege om harren ideeën en winsken te dielen oer it konsept fan de skoalle. Nei dizze jûn sille de teams en wurkgroepen mei dizze befinings oan it wurk gean om it ûnderwiis en konsept fierder del te setten.

Foar de wurkgroep ferfier binne wy yn pertear mei de foarsitter fan GrienEko. De foarsitter hat oanjûn de doarpsbelangen benaderje te wollen om it fraachstik rûn ferfier te bepraten. Dizze wurkgroep rjochtet har ek op fytsroutes tusken de doarpen dy't feilich binne.

Foar de wurkgroep berneopfang sjogge wy earst wat de winsken binne. Op basis fan dy befiningen geane wy yn pertear mei ferskate berneopfangorganisaasjes.

Op 10 febrewaris 2021 presentearje wy it útwurke konsept oan de âlden. Oan it ein fan it trajekt kin it úteinlike beslút naam wurde, wêr't it Kolleezje fan B&W rie op jaan kin en de MR-en ynstemming jaan kinne mei de fúzje.

De projektgroep wol d'r foar soargje dat net alline âlden, mar ek de omjouwing op 'e hichte hâlden wurdt fan de ûntwikkelingen fan ús Regioskoalle. Dit dogge wy troch de ynfobulletins fia meardere kanalen te fersprieden. De ynfobulletins en it tiidpaad (lykas ferskiningsdata fan de kommende ynfobulletins) binne altyd werom te lêzen op de websides fan de skoallen.

Foar fragen of opmerkingen kinne jo altyd terjochte by de leden fan de projektgroep.